



IK WOL BY DE FILM

(I ought to be in pictures)

troch

NEIL SIMON

Oerset ú it Ingelsk troch

GURBE DIJKSTRA

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IK WOL BY DE FILM - I OUGHT TO BE IN PICTURES** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **AUTEUR** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **3** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en)

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

OERSJOCH FAN DE SÊNES:

1 ste bedriuw

Sêne 1: In lytse bungalow yn West Hollywood.

Sêne 2: De bungalow-deselde deis, de jûns.

2 de bedriuw

Sêne 1: De bungalow-twa wike letter.

Sêne 2: De bungalow-middernacht.

Sêne 3: De bungalow-sawat 3 oere yn de nacht.

Sêne 4: De bungalow-sneintemoarn 11 oere moarns, in pear dagen letter.

PERSONEN: (2 dames, 1 heer)

Steffy

Libby

Herb

DEKOR:

It dekor is in lytse bungalow yn West Hollywood. It is in saakje sûnder kleur, mei goedkeape, ôfdiene, meubels. Oan de side fan de keamer is in lyts keukentsje, in lytse sliep-keamer en in noch lytser badkeammerke. In doar yn de achterwand jout tagong ta in tún mei 3 beammen. At it doek iepen giet, is it sawat njoggen oere moarns, in prachtige, sinnige Californische moarn. De radio spilet. In jong fanke, net grut, sawat tweintich jier, yn in koarte broek, sportsokken, trekkersskuon, in rêchpûde, in legerjas, in baret, en in âlde koffer yn de hân stiet foar de doar. It is Libby Tucker. Se hat in protte enerzjy en fitaliteit, dat wurdt ús gau dúdlik. Steffy Blondell, in noch hieltyd oantreklike frou, sawat fjirtich jier, stiet yn de badkeamer en kijmt har hier.

Libby bellet oan de foardoar. Steffy set de radio út, giet nei de doar en docht him iepen.

1STE BEDRIUW

1STE TAFRIEL

STEFFY: Ja?

LIBBY: Hoi!

STEFFY: Hoi! Kin ik dy helpe?

LIBBY: *(sjocht de keamer yn)* Ik wit net. Ik wit net at ik hjir wol goed bin.

STEFFY: By wa moatst wêze?

LIBBY: Wennet hjir Herbert Tucker?

STEFFY: Ja.

LIBBY: Welke Herbert Tucker is it?

STEFFY: Ik wist net dat der mear wiene. Welke moatst ha? *(se kriget de krante fan de doarmatte)*

LIBBY: Sit dizze Herbert Tucker yn de showbisnis?

STEFFY: Ja...

LIBBY: Is hy skriuwer?

STEFFY: Ja. Wêr giet it om? *(sy giet de keamer yn)*

LIBBY: Ik woe mei him prate. Is hy thús?

STEFFY: Hy sliapt. Hear ris, ik hat nochal drok. Kinst ek sizze wêr 't it om giet?

LIBBY: It is persoanlik...Binne jo syn frou?

STEFFY: Nee, dat bin ik net...Bisto in freondinne fan him?

LIBBY: Nee. Ik bin syn dochter. *(pauze. Steffy is even fan't stik brocht).*

STEFFY: Syn dochter?

LIBBY: Libby, Libby Tucker. Ut New York.

STEFFY: O.

LIBBY: Skrokken jo derfan?

STEFFY: Nee, hielendal net.

LIBBY: In bytsje wol, seker?

STEFFY: In bytsje, ja... Mar kom deryn. Gean sitten. *(Libby komt deryn, set har tas del)* Hy hat net sein datst komme soest.

LIBBY: Dat komt omdat hy it net wist. Is dit syn kantoar of sokssawat?

STEFFY: Beide. Hjir wurket er en hjir wennet er.

LIBBY: O, sa.

STEFFY: Is 't net watst ferwachte hiest?

LIBBY: Ik wit net. Jo ha in bepaalde foarstelling fan Hollywood. Wy wenje yn Brooklyn net minder.

STEFFY: Meastal komt der in pear kear wyks ien om skjin te meitsjen.

LIBBY: Dan koe dy fan 'e wike seker net?

STEFFY: Ik wit net. Sa faak kom ik hjir net.

LIBBY: O. Jo wenje hjir net.

STEFFY: Nee. (*stekt har hân ut*) Ik bin Steffy Blondell.

LIBBY: Bliid mei jo yn kunde te kommen. (*se fûstkje*)

STEFFY: Komst allinne op besite?

LIBBY: (*sjocht yn 't rûn*) Nee. Eins bin ik hjir foar saken.

STEFFY: O krekt. Kin ik dy wat oanbiede?

LIBBY: In glês wetter soe der wol yngean. Ik ha in gefoel as hie ik alle sân fan Arizona trochslokt.

STEFFY: (*giet nei de kraan*) Wolst dat ding net ôfdwaan?

LIBBY: Wat ding?

STEFFY: Dat ding op dyn rêch.

LIBBY: O, ja, dat wie 'k hielendal fergetten. (*se docht it ôf*) Ast der trije wike mei omsjouwst, is 't krekt as hast in bochel.

STEFFY: Hy sil der aansen wol ôfkomme. Ik meitsje him leaver net wekker. Hy sliept de lêste tiid net sa bêst. (*se jout har it glês*)

LIBBY: Nee? Is hy net by de tiid?

STEFFY: O, jawol. Gewoan in bytsje wurch.

LIBBY: Te folle dingen tagelyk, tink? (*se drinkt*)

STEFFY: No, hy hat it wol drok.

LIBBY: (*griist*) Jemich, is dit wetter? Je kin't wol ite.

STEFFY: It sil wol frjemd smeitsje nei dat skinne wetter fan New York. Hy sil noch wolris in filter keapje moatte.

LIBBY: In skepnet is better.

STEFFY: Dat soe hy ek sein ha. Yn dyn praat likest op him.

LIBBY: Bedoele jo it aksint?

STEFFY: Nee. De manier wêrop ast it seist. Do hast syn gefoel foar humor.

LIBBY: No, dat is dan ek wol alles.

STEFFY: Do bist net mear op skoalle, nim ik oan.

LIBBY: Jo bedoele kolleezje? Nee.

STEFFY: Omdat jim heit lêsten sei datst no hast wol op de universiteit sitte soest.

LIBBY: Hy is net hielendal op de hichte mei myn lêste aktiviteiten, seker? Nee, ik miste Harvard op in hier, der wiene trije miljoen wachtsjenden foar my. Ik bin aktrise.

STEFFY: Wier?

LIBBY: Ja.

STEFFY: Bedoelst berops?

LIBBY: Ja. Wol sawat. Ik bedoel, ik bin gjin stjer. At ik dat wie dan hiene jo wol witten wa't ik wie doe 't ik sei "Libby Tucker".

STEFFY: Wat dochst, it meast toaniel?

LIBBY: Nee, meast audysjes.

STEFFY: Mar do hast les hân.

LIBBY: Jo bedoele in toanielskoalle? Nee. Dêr hie ik de tiid en it jild net foar. Ik ha part-time wurk dien op de knope-ôfdieling fan in grutwinkelbedriuw. En ik hie ien kear hast in beurs foar de filmakademie.

STEFFY: En?

LIBBY: Neat. Op 't lêste momint ofwiisd.

STEFFY: Jammer. Dus do hast samar besluten hjir hinne te kommen. Ik bedoel, do hast earst net skreaun as sawat?

LIBBY: Ja. Doe't ik njoggen wie. Ik krige antwurd doe't ik tolve wie. (*sjocht om har hinne*) Mar ien sliepkeamer?

STEFFY: Ja. Ik soe krekt boadskipje. Jim heit is net ien dy't de koelkast geregeld byfollet.

LIBBY: Foar my hoege jo neat te heljen. Ik bedoel, dat wetter wie al in miel op himsels.

STEFFY: At ik it net doch, docht net ien it. 't Is krekt om de hoeke.

LIBBY: Kinne jo him allang?

STEFFY: Sawat twa jier. Wy sjogge elkoar sa no en dan ris.

LIBBY: Twa jier, en jim sjogge elkoar sa no en dan ris?

STEFFY: No, ik wurkje en ha twa bern grut te bringen. Dat falt net ta.

LIBBY: Ja, ik wit it. Us mem sit mei't selde. (*Steffy reageart hjir net op*) Hoe is hy?

STEFFY: Bedoelst datst der gjin idee fan hast?

LIBBY: Nee.

STEFFY: Wat gek.

LIBBY: Falt wol ta haer. Ik fiel my goed. Ik ha ticht by in senuwynsinking sitten, mar dat is no wer oer.

STEFFY: Dêr bin ik bliid om...Hat jim mem dy grut brocht?

LIBBY: (*hâldt har hân op mul hichte*) Oant sa fier. De rest ha'k sels dien. Mem wie altyd oan't wurk en moast ek noch op myn broerke Robby passe. Eins wie ús beppe myn heit en mem. Beppe hat my it measte bybrocht. Se joech my selsfertrouwen. Dat ik dat ha, moat jo wol opfallen wêze. Dat is ien ding oan my, wat teminsten opfalt.

STEFFY: Dat foel my al op doe'st "Hoi" seist... Hoe bist hjir kommen?

LIBBY: Mei de bus oant Denver, en doe bin ik stean gongen te liften. At je net al te kreas binne, steane je mear as at je lifte. Begryp my goed, ik klei net. Ik moast Amerika sjen en Amerika my. Wy ha in grutte yndruk op elkoar makke.

STEFFY: Sil ik him dochs mar net wekker meitsje? Sizze datst er bist.

LIBBY: Nee, lit mar. Ik ha mei mysels oerlein wat ik tsjin him sizze sil. Ik rêd der wol mei.

STEFFY: Ik ha mear noed oer hoe't hy der mei rêd.

LIBBY: Oh, de skrik bedoele jo? Hy hat net in swak hert, wol?

STEFFY: Nee.

LIBBY: Miskien moat ik earst in briefke ûnder syn doar troch skowe.

STEFFY: Och nee ju, it komt wol goed. Wa wit sit ik wol te folle oer him yn.

LIBBY: Ik wit net iens hoe't hy der útsjocht. Ik ha noch noait iens in foto fan him sjoen. Ik wit net iens hoe 't ik him neame sil.

STEFFY: Do witst net hoest him neame silst?

LIBBY: No nee, hy is net fuort "heit" en ik tink dat "mynhear Tucker" ek wol wat nuver oerkomt

STEFFY: Harkje, at dat in probleem is, moatst it tsjin him sizze. Dat begrypt er wol. It is wier wol in aardige man.

LIBBY: Echt? Sis dan ris, wat aardich oan him is.

STEFFY: Wachtsje no mar even of, ja. Dan kinst it sels útfine.

LIBBY: Dat sei beppe fan 'e wike ek op 't tsjerkhôf.

STEFFY: Is der ien stoarn?

LIBBY: Ja. Beppe. Sawat seis jier ferlyn. Mar ik gean der geregeld hinne om mei har te praten.

STEFFY: Dat begryp ik leau 'k net.

LIBBY: Wit ik. 't Heart ek healwiis. Doe't ik tsjin ús mem sei dat beppe noch tsjin my prate, woe se my in lakseermiddel jaan... It is ek slim dúdlik te meitsjen oan oare minsken. Mar ik ha sawat myn hiele libben fan beppe ôfhongen. En at ik bot ferlet fan har ha, krij ik noch altyd kontakt mei har. *(Steffy stoarret har oan)* Jo sjogge my raar oan. Mar ik sjoch wier gjin spoeken.

STEFFY: Nee, ik begryp no wol watst bedoelst.

LIBBY: Sy seit tsjin my dat ik te folle yt, of dat ik te min sliep krij. Ferline wike sei se net sa folle omdat se doe krekt rûzje hân hie mei pake. Dy leit yn it grêf dêr njonken.

STEFFY: Praat dy ek mei dy?

LIBBY: Hy seit net iens wat tsjin beppe, wêrom soe er dan al tsjin my prate?

STEFFY: Ik sil dy sizze, dat ha ik no ek altyd al wollen. Ge-woan nei it tsjerkhôf gean en mei ús mem prate, sizze hoe 't it mei my giet. Mar dan tocht ik wer dat it dwaas wie. *(sy giet nei de telefoan en draait in nûmer)*

LIBBY: Och, ik wit net. Ik hie in freondinne oer te sliepen en doe hie ik om trije oere yn de nacht in petear mei beppe. Dy freondinne is doe net iens bleaun foar 't moarnsiten.

STEFFY: *(yn de telefoan)* Trije-sân-sân. Hat de studio foar my belle?

LIBBY: Sitte jo ek yn dat wurk?

STEFFY: Mm-hm. By de make-up. Ik wurkje by Columbia.

LIBBY: Columbia film? De filmstudio? Ik krij der hertkloppings fan.

STEFFY: *(yn de telefoan)* At se belje, sis dan dat ik der om healwei-alven bin. *(sy hinget op)*

LIBBY: Wa moatte jo grimeare? Ferneamde stjerren?

STEFFY: Fansels.

LIBBY: Fansels, seit se. Krekt as soe dat deagewoan wêze. Neam ris ien. In grutte'n. Wa is de grutste?

STEFFY: Wit ik net... Jane Fonda.

LIBBY: JANE FONDA? Ha jo it gesicht fan Jane Fonda oanrekke? Ik bedoel, Jane Fonda is de aktrise wêr 't ik it measte fan mysels yn werom sjoch. Ik wol presys sa libje sa't sy docht. Ik fiel dat ik in protte fan har kwaliteiten ha. Se moatte allinne noch út de ferve komme.

STEFFY: No, ast it ris in dei net al te drok hast, kom dan nei de studio, dat lit ik dy alles sjen. *(Steffy kriget har tas en giet nei de doar)*

LIBBY: *(rint achter har oan)* Hoe bedoele jo, at ik it net te drok ha? Hoe faak is der foar my belle sûnt ik hiir bin?

STEFFY: Gjinn probleem. Ik regelje it wol.

LIBBY: Sa wier at ik hjir stean; ik mocht jo direkt al, fanôf it momint dat jo de doar iepen diene. Miskien moat ik ús heit ferjitte en by jo yn lûke.

STEFFY: Is dat dyn doel? By him yn lûke?

LIBBY: Ik wit net. Earst mar ris ôfwachtsje at ik wol in hân fan him krij. *(Steffy stiet op de stoepe noch even nei te tinken oer Libby's lêste opmerking. Libby giet de keamer yn en docht de foardoar ticht. Steffy giet fuort. Libby sjocht de keamer yn't rûn, giet sitten. De telefoan giet. Sy sjocht nei de sliepkeamers doar, draaft nei de telefoan om sa foar te kommen dat har heit wekker wurdt. Yn de hoarn:)* Hallo? ..Wa? Oh, hy... Nee. Hy sliept noch... Nee, ik bin syn dochter, of sokssawat...Ja. Ik wit wol hoe't ik in boadskip oannimme moat. *(kriget in pinne)* Wachtsje even. Ik moat noch papier pakke. *(se begjint te sykjen yn de rommel op it buro. Se fynt op it lêst papier yn it boppeste laad. Yn de hoarn)* Okee. Sizzes jo it mar..."Stan Marx hat belle. Se nimme dy net by N.B.C. Wolst it noch ris by C.B.S. besykje." Is dat it?...Ja, ik ha't...Ta jo tsjinst. Goeie. *(Libby hinget op. De doar fan de sliepkeamer giet iepen. In slieperige Herbert Tucker komt op yn syn piama broek en in âld T-shirt. Hy rint fuort nei de kofje. Libby draait har om en sjocht him)* Oh! Hoi!

HERB: *(sjocht net nei har)* Ik ha net fernommen datst der ôfgongst.

LIBBY: Dat komt omdat ik hjir net sliept ha.

HERB: *(sjocht nei har)* Ik tocht datst Steffy wiest. *(hy roept)* Steffy!

LIBBY: Sy is te boadskipjen.

HERB: Wa? Steffy?

LIBBY: Ja.

HERB: Wa bisto?

LIBBY: Libby.

HERB: Bisto de skjinmakster hjoed.

LIBBY: Nee. Ik bin Libby.

HERB: In nicht fan Steffy.

LIBBY: Nee.

HERB: No, kom op. It is te betiid om spultsjes te dwaan. Libby wa?

LIBBY: Libby Tucker.

HERB: (*reageart net*) Libby Tucker?

LIBBY: Libby Gladyce Tucker...de dochter fan Blanche?

HERB: Wat seisto?

LIBBY: Ik sis, dat ik jo dochter bin. Ik hie der miskien wat oars mei oankomme moatten. Dit moat wol in skok foar jo weze.

HERB: Ja. In bytsje. In bytsje...Kinst even in tel tiid dwaan? Earst wat kofje nei binnen jitte. (*hy jit kofje yn en nimt in slokje*)

LIBBY: Ik hie miskien earst belje moatten, mar dit praat mak-liker as troch de telefoan... Hoe fiele jo jo?

HERB: Goed. Goed. Allinne ferlet fan mear kofje. (*hy drinkt noch wat*)

LIBBY: Ik bin hjir juster oankommen, en ik tocht ik sykje him ris op.

HERB: En dat hast dien ek.

LIBBY: Jo adres stie yn it telefoanboek.

HERB: Yn it telefoanboek, hen?

LIBBY: Uh-huh... 't Komt jo wol wat rau op 'e mage seker?

HERB: Ja, in bytsje wol. Dit is werklik geweldich. Wêr is, hoe hyt se?

LIBBY: Steffy?

HERB: Steffy. Wêr is se hinne?

LIBBY: Te boadskipjen. Se sil sa wol werom komme. Se soe wat foar it iten helje.

HERB: Dat is jammer. Ik hie har mei dy yn de kunde bringe wollen.

LIBBY: Wy ha elkoar al moete.

HERB: Wêr dat dan?

LIBBY: By de foardoar. Sy die him iepen en ik kaam deryn.

HERB: O, sa. Krekt.

LIBBY: Doe't ik kaam om jo op te sykjen.

HERB: Okee. Ik snap it. Ik snap it. Ik bin wakker... wat in ferrassing. Fynst ek net?

LIBBY: Nee. Ik wist dat ik komme soe.

HERB: Wannear hast dit betocht?

LIBBY: Sawat twa jier ferlyn. Salang hat it my koste om it jild foar de reis op te sparjen.

HERB: Dit is werklik net te leauwen. Ik ha it lêsten noch mei... hoe hyt se, oer dy han.

LIBBY: Steffy?

HERB: Steffy ja. Ik kin ynienen gjin nammen mear ûnthâlde. Nim my net kwea ôf. Ik bin wat dizich. Ik ha in slieppil hân, sawat in oere ferlyn.

LIBBY: In oere ferlyn?

HERB: Ik wachtsje altyd oant it lêste momint, foar it gefal dat ik sa yn sliep fal. Wachtsje mar even. *(hy giet nei de kraan en smyt him wetter yn't gesicht)* Wolst dat gerdyn even ticht lûke? It docht my sear oan de eagen.

LIBBY: Hâlde jo net fan de sinne?

HERB: Net dei yn dei út, sechtsjin jier lang.

LIBBY: Ik mei der wol oer. Alhoewol it skynt hjir ek in soad te reinen. *(se docht it gerdyn ticht)*

HERB: Santich milimeter yn twa oeren. De rest fan it jier skynt de sinne.

LIBBY: Ik tocht dat ik jim brúnferbrând oantrefte soe.

HERB: Ik haatsje it. It komt noch by my troch de kieren yn de doar. Ik moat my ferstopje.

LIBBY: Nei al dy winters yn New York is dit fantastysk.

HERB: O, no, ik wenje hjir mar tydlik. Ik sil ferhúzje. Ik ha in moai plakje fûn yn de heuvels fan Hollywood. Oer in pear wike al gean ik dêr hinne. Der moatte earst noch in pear dingen los komme.

LIBBY: Hok foar dingen?

HERB: Oh, dingen. Saken. Ik ha aardich wat izers yn't fjoer stean op't heden. Dat begrypsto dochs net.

LIBBY: *(krijet it bryfke)* O. Der is foar jo belle. Stan Marx. Hy sei dat se jo net namen by N.B:C. At jo it nochris by C.B.S. besykje woene.

HERB: O. *(hy sjocht nei it bryfke)* Ja, no, dat wie net belang-ryk... Dit wie net ien fan dy izers dêr't ik it oer hie...Do hast in moaie hân fan skriuwen. Do skriuwst de w krekt lyk as ik.

LIBBY: *(grutsk)* Ja? Dat sil ik wol fan jo urven ha, net?

HERB: Jezus, ik kin der noch net by datst al sa grut bist. Draai dy ris om. Lit my dy ris besjen.

LIBBY: Dit is alles. Grutter bin ik net.

HERB: Dat hoecht ek net. Sa is't perfekt.

LIBBY: Ik bin krekt in garnaal.

HERB: Do bist gewoan behindich. Ik soe dy net grutter ha wolle. En do hast noch sêd tiid om te groeien... Hoe âld bist no?

LIBBY: De lêste kear dat ik jierdei wie waard ik njoggentiin.

HERB: Njoggentjin? Sa âld al? 't Is hast net te leauwen.

LIBBY: En dochts is it sa.

HERB: Yn desimber, is't net? 13 of 14 desimber...

LIBBY: 5 july.

HERB: 5 july. Fansels. Ik wit it noch. Ik wie nei't honkbal. Ik kaam krekt thús. Yankees-Red Sox. De Yankees wûnen mei 5-3 yn de ferlinging. Hank Bauer sloech in home-run mei Berra op it twadde honk en ien út.

LIBBY: Tsjonge, jo kinne jierdeis knap ûnthâlde.

HERB: En no bist in kreaze jonge faam.

LIBBY: No, sa kreas bin ik net.

HERB: Fansels wol. Wa seit datst it net bist?

LIBBY: Ik bedoel, der is gjinien dy't seit dat ik it wol bin.

HERB: Hoe sa net? Ik sei it ommers.

LIBBY: Dat telt net. Jo binne myn heit.

HERB: Ja, mar dat is al in moai skoft ferlyn.

LIBBY: Tankje. Ik bin bliid dat jo my kreas fine.

HERB: Ferrekte kreas. En goed sûn ek, begrypst wat ik bedoel?

LIBBY: Ja- dik!

HERB: Do bist net dik. Do bist...stevich.

LIBBY: Dat is it selde. Stevich is ek dik.

HERB: No, do tinkst mar watst wolst. Ik fyn dy kreas. Jezus, sjoch ris hoe't ik hjir sit, yn in smoarge piama. Ik bedoel, dit is in belangryk momint. Ik moat even in jaske oan as sa. (*hy docht in âld (keamer) jas oan*)

LIBBY: Hear ris. Ik sit der wat mei.

HERB: Wêr sitsto mei?

LIBBY: No. Ik wit net hoe't ik jo neame moat.

HERB: Do witst net hoest dyn heit neame moatst? Dyn eigen heit?... Sis mar fan Herb, sis dat mar tsjin dyn heit.

LIBBY: Herb?

HERB: Ik bedoel, ast heit of heity sizze wolst is my dat ek goed. Ik wit net krekt hoest der oer tinkst. 't Is al in skoft ferlyn... Mar Herb soe prima wêze.

LIBBY: Okee, Herb. Is 't net ris tiid dat wy elkoar de hân skodzje, of sa? Ik bedoel, wy neame elkoar ek al by de foarnamme. Wat tinkt jo?

HERB: Hoe bedoelst, de hân skodzje? Lit my dy ris in tút jaan, fergeemje. (*Libby rint fol fjoer op him ta. Hy kriget har by de skouders en jout har in tút op de sliep. Sy is sichtber teloarsteld, sy giet by him wei*) Hoe is't mei jim mem?

LIBBY: Goed.

HERB: Net wer troud of sa?

LIBBY: Nee. Se hie kunde oan menear Slotkin, in slachter, twa jier of sa. In aardige man, hy naam altyd keallefleis of lammebout mei, of sokssawat.

HERB: En wat barde der? Neat serieus?

LIBBY: Nee. Doe't hy hinnepoaten mei begûn te nimmen, wisten wy dat it út wie mei de leafde.

HERB: En hoe is't mei Carl?

LIBBY: Wa?

HERB: Carl. Dyn broer.

LIBBY: Jo bedoele Robby?

HERB: Hoe bedoelst, Robby? Hy hyt fan Carl.

LIBBY: Net dat ik wit.

HERB: Ja wis al. Hy is neamd nei Carl Hubbell, de pitcher mei de grutste curve yn de bal dy't oait yn de kompetysje spile hat.

LIBBY: No, dan hie hy dat wol sein. Hy tinkt dat er Robby hyt.

HERB: Hat sy syn namme feroare? In prachtige namme lykas Carl?

LIBBY: Jo ha him net iens sjoen. Hy liket hielendal net op in Carl. Hy liket as twa drippen wetter op in Robby.

HERB: En do witst wol wêrom, of net? Omdat sy honkbal hatet. Altyd skelle at ik nei in wedstriid gong. Wat is der ferkeard oan, om nei it honkbaljen te gean? It is de moaiste sport dy't oait troch minsken útfûn is.

LIBBY: Fine jo Libby wol moai?

HERB: Fansels fyn ik Libby moai. Dy namme ha ik altyd al moai fûn.

LIBBY: Nei hokker honkballer bin ik neamd?

HERB: Do bist nei ús mem neamd. Dy hast net kinnen. Sy stoar al foar datsto der wiest... En wat docht Robby? Nei skoalle?

LIBBY: Ja.

HERB: Is't in echte jonge? Is't in goede honkballer?

LIBBY: Nee. Hy spilet piano.

HERB: Piano? Fynt er neat oan honkbal?

LIBBY: Hy wol syn fingers hiel hâlde.

HERB: Dan giet er dochs op softbal.

LIBBY: Hy docht no en dan wol ris ping-pong.


HERB: Ja? Kin hy it goed?

LIBBY: Hy hat al ris fan beppe wûn.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto